

# In emigraasjeroman stiiffol dokumintaasje

Piter Terpstra

Gerrit Damsma, *De beam fan belofte*. Utjouwerij Frysk en Frij, Ljouwert  
2001. 304 siden. € 15,90.

Op de foarkant fan *De beam fan belofte* fan Gerrit Damsma stiet dat it om in roman giet, op de achterkant wurdt praat fan in "dokumintêre histoaryske roman". Dokumintêr is dit debút yn romme mjitte en histoarysk is it folslein ferantwurde – in goede basis foar in ferhaal oer Fryske emigranten yn it algemien en oer it wjerfarren fan de jongfeint Geart Innes van Dam yn it bysûnder. By in earste trochblêdzjen haw ik my wol ôffrege oft it roman-elemint by it ferwurkjen fan sa'n protte dokumintaasje (nei in fyftjin jier lyn makke reis nei it Amerikaanske Michigan) ta syn rjocht komt.

De trijeëntritich haadstikken hawwe gjin titels mar motto's (meast sitaten). It earste diel giet oer Geart syn libben foar de reis en befettet 75 fan de 271 siden (foar- en neiwurd net meirekkene). Dat is dus in fiks part. Oan de reis binne 47-siden bestege (ik lûk de titelblêden tusken de haadstikken der ôf). De oertocht nei New York wurdt op alve dêrfan wjerjûn. Dat is in bytsje want de ûnminsklike omstannichheden dêr't de op elkoar pakte manlju, froulju en bern op de emigrantekoppen yn libben, de grutte gefaren by stoarm en ûnwaar, goarren dy't der hearsken en de eangst dat it skip fergean soe, hiene wol wat boeierder en meinimmender beskreaun wurde kinnen. En dat wylst it earste diel fierste wiidweidich is. Dêryn beskriuwt de haadfiguer syn jeugdjierrren yn Boalsert en syn tiid as smidsfeint yn Mûnein.

Dat wurdt allegearre ferteld yn de ik-styl; de lêzer moat it dus hawwe fan Geart syn ûnder-

finingen en wiidweidige waarnimmingsen. We krije wol wat flechtige ympresjes fan it libben yn dy tiid – benammen de earmoede en de tsjerklike strideraasjes –, mar fan hoe't it yn de Trynwâlden om en ta gie jout Hylke Speerstra yn *It wrede paradys* in hiel wat treffender byld.

Wy hawwe in fjirde part fan it boek al út as Geart syn Amearika-ferhaal wat op gleeed komt. Om side santich hinne, as de plannen foar emigraasje stâl krije, wurdt it boek ynienen folle ûnderhâldender. Geart is dan ek ferale wurden op de jongfaam Jetske Feenstra. Dat is in ideaal frommis, ljocht hier, fynbensien gesicht, moaie wite toskan, fleurich en boppedat in oanhinklik karakter, wylst se ek wer duvelsk goed wit wat se wol. En se is fuort beret om mei nei Amearika. Der liket neat oan har te mankearjen en sokken binne der net folle. Mar wy moatte it wol oannimme want it boek is histoarysk ferantwurde.

Geart heart by in ploech Fryske emigranten dy't ûnder lieding fan dûmny Marten Ypma nei de delsetting Vriesland yn Michigan giet. Se binne ôfskiedenen en hawwe de grutte reis ûndernommen yn de hope op godstsjinstfrijheid en wurk. It falt earst net ta en de teloarstellingen wurde har net besparre. It ûnderkommen is behyplik, it wurk yn it oerwâld swier, it iten skraal en der brekke sykten út. De idealistyske dûmny's fan de ûnderskate Nederlânske emigrantegroepen krije gauris te hearren: "Wêrom hawwe jimme ús hjirhinne

*fierder op side 204*

Schoorstra wit hjir net allinne spanning op te roppen mar dy ek fêst te hâlden en bytsje by bytsje op te fieren, side nei side, dat de grize je der fan oer de grouwe giet.

'Een Babel' betsjut 'een grote verwarring' of 'een grote, zedeloze stad' en it ien slút it oar net út fansels. Beide eleminten, de betizing – dat men betize rekket yn jinsels of yn jins relaasjes mei oaren – en it sedeleaze – dat jins hâlden en dragen yn striid is mei 'de goede zeden' binne yn de ferhalen fan Schoorstra te finen en benammen it lêste: syn figueren steane bûten de fêstige oarder, of fersette har dêr tsjin, of wolle dêrút flechtsje, of dogge wat dat tsjin de hearskjende noarmen yngiet: omdangetje, sûpe, blowe, deale, omslaan mei froulju dy't te âld of te jong binne, seks bûten it boekje, de brui jaan oan skoalle, fan hûs fuortrinne, grêven skeine, moardzje. En allegear sykje se yn wêzen it grutte en ûngrypbere gelok: trije jongesachtige fjirtigers op fakânsje yn Frankryk, in sjoernalist op jacht nei âlde rituelen yn in ferlitten streek fan Litouwen, in frou dy't harsels letterlik fan de wrâld ôfkeard

hat en har hûs net mear útkomt, in stel yups yn 'e besnijing fan de profeet Busha, in man dy't noch mar fjirtjin dagen te libjen hat en dêrom nochris goed de beest úthingje wol, in opstannige puber dy't it heech yn 'e bol hat – ferneamd keunstskilder wol er wurde en stjerakteur – en fan hûs fuortrint om yn de wide wrâld syn eigen toer fan Babel te bouwen. Wêrst net bist, dêr is it lok.

Spitich is it dat guon ferhalen wat op healwei hingjen bliuwe. Men komt dan neat te witten oer de eftergrûn fan de haadfiguren: wat hat har makke sa't se binne? Men is allinne mar tsjûge fan har aktuele ellinde, oer de oarsaken dêrfan wurdt men neat gewaar, en dat makket dat se jin net op de hûd sitte. Men fielt dan wol wat fan ôfgrizen of begrutsjen mar rekket der net echt by belutsen. Mar oer it generaal is *Berjochten út Babel* in sterk debút, in bondel dy't in hiel eigen lûd hearre lit en dat op in wize dy't der net om licht: skerpe observaasjes, rake typearrings, in flinke poarsje nocht oan ûnnocht en in strakke en byldzjende styl.

### In emigraasjeroman stiifol dokumintaasje *ferfolch fan side 202*

helle?" De lânferhuzers hâlde lykwols, by alle tsjinstuiten en swierrichheden, de kop der foar en it slagget Geart op 'en doer om mei in smidterij te begjinnen. Der wurde blokhutten en in tsjerke boud. Mar ear't it safier is, moat der hiel wat pionierswurk ferset wurde. Damsma ferhellet wat te wiidweidich oer it kappen fan beammen, it ploegjen en it oanlizzen fan paden troch de tichte bosken, mar hy kin sfearfol skriuwe.

It jin konsekwint oan de feiten hâlde betsjut foar in romanskriuwer in grutte beheining. Hy kin syn fantasij net folle romte jaan. Mar by it

lêzen fan dit boek sil by de measten de oandacht dochs net faak ferslopje. It fêstlizzen fan in nijsgjirrich stik emigraasjeskiednis troch in skerp observearjend en treflik dokumintearre skriuwer fertsjinnet alle respekt.

Ek de útfiering fan it boek is goed. In list mei de boarnen fan sitaten en ferklearringen, de pasazjierslist fan de Ingelske brik dêr't de ploech fan Ypma de oseaan mei oerstiek, de kaarten fan de Nederlânske delsettingen om 1880 hinne en de lânferdieling yn it township Zeeland, dêr't ek Vriesland diel fan útmakke, ferheegje de dokumintêre wearde fan dizze roman.